


CBS Eben Haezer  
O.f.   
De Griene 5  
8536 VH EASTERSEE

Ljouwert, 12 jannewaris 2023  
Ferstjoerd, **12 JAN. 2023**

Ús merkteken : 02062327  
Ôfd./Opjefte : Subsydzjes  
Opsteld troch : Subsydzjes - KGF / (058) 292 59 25 of provincie@fryslan.frl  
Jo merkteken :  
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : PF-2022/248171: Beslút oangeande jo oanfraach foar de subsydzje foar de oanskaf fan materiaal. Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter, iepenstelling 2022

Achte 

Op 9 novimber 2022 hawwe wy jo subsydzje-oanfraach yn it ramt fan de Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter (hjinnei: de regeling) ûntfongen.

Jo freegje € 922,10 foar de oanskaf fan materiaal (hjinnei: jo projekt) foar it fak Frysk op jo skoalle. Jo oanfraach is by ús ûnder saaknûmer PF-2022/248171 registrearre. Yn dit brief stiet ús beslút en lizze wy út wêrom't wy dat beslút nommen hawwe.

#### **Wat is ús beslút?**

Wy hawwe besletten jo in subsydzje fan € 738,- te jaan.  
Wy stelle it subsydzje hjirby daliks op dat bedrach fêst.

#### *Motivearring*

It oanskaffen fan it Fryske lesmateriaal om it Frysk op jo skoalle foar it primêr basisûnderwiis te ferbetterjen past yn de doelstelling fan haadstik 3 fan de regeling. Jo projekt foldocht ek oan de kritearia fan kêst 3.2 fan de regeling. It giet om in subsydzje foar ien kear, dêr yn it gefal fan takomstige aktiviteiten gjin rjochten oan ûntliend wurde kinne.

### Wêr is it subsidzje foar bedoeld?

Wy jouwe it subsidzje op grûn fan jo folsleine oanfraach. Yn ûndersteande tabel stiet hoefolle subsidzje oft jo de aktiviteit krije.

Omskriuwing fan de subsidiearre aktiviteiten	Totale kosten út begrutting	Subsidiabele kosten	Fêststeld subsidzje
Oanskaf materiaal (80%)	€ 922,10	€ 922,10	€ 738,00
<b>Totaal</b>	<b>€ 922,10</b>	<b>€ 922,10</b>	<b>€ 738,00</b>

Op grûn fan de regeling (kêst 3.5) bedraacht de subsidzje maksimaal 80% fan de subsidiabele kosten foar de aktiviteit om materiaal (kêst 3.1, ûnder b) oan te skaffen.

### Wat binne jo ferplichtings?

Mei behâld fan de ferplichtings dy't út de Algemene subsidieverordening provincie Fryslân 2013 folgje, wurde by it beskikber stellen fan it subsidzje de neikommende ferplichtings oan jo oplein:

- Jo fiere jo aktiviteiten út sa't jo yn jo oanfraach oanjûn hawwe;
- As wy dat fan jo freegje, litte jo sjen dat de aktiviteiten dêr't jo subsidzje foar krigen hawwe, útfierd binne. Jo kinne dat dwaan troch: it opstjoeren fan kopyen fan de faktueren en betelbewizen oangeande makke en betelle kosten foar it oanskaft materiaal;
- It kin wêze dat jo de aktiviteit dêr't dit subsidzje foar bedoeld is, net, net op 'e tiid of hielendal net útfiere kinne. Ek kin it wêze dat jo net mear oan de ferplichtings foldwaan kinne. Dat moatte jo altyd daliks oan ús trochjaan. As jo dat net op 'e tiid of hielendal net dogge, dan kinne wy it subsidzje mei 3% ferleegje;
- Jo moatte alle stikken dy't mei dit subsidzje te krijen hawwe, op syn minst fiif jier nei fêststelling fan it subsidzje bewarje;
- Jo projekt binnen in termyn fan achttjin moanne fan de datum fan de beskikking ta fêststelling ôf te realisearjen.

Wy stelle it dêrneist op priis dat jo by it útfieren fan jo aktiviteiten oanjouwe dat de realisaasje dêrfan (mei) mooglik makke is troch in finansjele bydrage fan de provinsje Fryslân.

It net foldwaan oan de boppeneamde ferplichtings kin fan dy gefolgen wêze dat dizze subsidzjeferliening yn lutsen wurdt of yn jo neidiel wizige wurdt.

### Hoe wurdt it subsidzje útbetelle?

It fêststelde subsidzjebedrach is € 738,-. Wy stribje dernei dat wy binnen twa wike nei de ferstjoerdatum fan dit brief dat bedrach op jo rekken mei nûmer XXXXXXXXXX op namme fan CBO Meilân oerboekt hawwe. By de betelling fermelde wy it skaaimerke fan dit brief en XXXXXXXXXX. As de neamde betelgegevens net (mear) dogge, dan hearre wy dat graach fan jo.

### Hokker wet- en regeljouwing is fan tapassing?

Op dit beslút binne de Algemene wet bestuursrecht, de Algemene subsidieverordening Provincie Fryslân 2013 en de regeling fan tapassing. Mear ynformaasje dêroer fine jo fia [www.fryslan.fr1](http://www.fryslan.fr1) en [wetten.overheid.nl](http://wetten.overheid.nl).

Op dit beslút is ek de Beliedsregel foar it foarkommen fan misbrûk en ûneigentlik gebrûk by subsidzjes 2017 (M&O-belied) fan tapassing. Dat betsjut dat wy kontrolearje kinne oft jo de



aktiviteiten útfierd hawwe en oan de ferplichtings foldien hawwe. Wy dogge dat troch it opfreesjen fan ynformaasje en it ôflizzen fan tafersjochbesiten.

### Hawwe jo noch fragen?


Nim by fragen kontakt op mei de provinsje Fryslân. Dat dogge jo troch te beljen nei (058) 292 5925. Jo kinne ek in e-mail nei [provincie@fryslan.frl](mailto:provincie@fryslan.frl) stjoere of in brief nei: Provinsje Fryslân, ôfdieling Subsydzjes, Postbus 20120, 8900 HM Ljouwert. Wy wize jo der mei klam op dat jo alle korrespondinsje mei ús oangeande jo projekt fia it neamde e-mailadres en/of postadres fiere moatte.

By kontakt mei ús graach altyd it saaknûmer PF-2022/248171 neame, dat wy jo better helpe kinne.

Wy wurdearje jo ynset foar it Frysk en winskje jo súkses by it realisearjen fan de subsidiearre aktiviteiten.

Mei rju achting,

Út namme fan it kolleezie fan Deputearre Steaten,



ôfdielingshaad Subsydzjesaken

### Beswier

Dejinge waans belang streekrecht by dit beslút behelle is, kin tsjin dit beslút binnen seis (6) wike nei it ferstjoeren dêrfan in beswierskrift by Deputearre Steaten yntsjinje, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

Yn it beswierskrift moat op syn minst stean:

- de namme en it adres fan de yntsjinner;
- de deitekening;
- in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op rjochte is en by foarkar mei it neamen fan it *skaaimerke* fan it beslút;
- de grûnen fan it beswier;
- de hantekening fan de yntsjinner.

Mear ynformaasje oer de beswierskrifteproseduere fine jo op [www.fryslan.frl](http://www.fryslan.frl) ûnder "contact", of jo kinne belje mei it sekretariaat fan de beswierskriftekommisje: tel. (058) 292 59 25.

Troch it yntsjinjen fan in beswierskrift skood de wurking fan dit beslút net op. De yntsjinner fan in beswierskrift kin, as it fuortendaliks moat, in foarriedige foarsjenning freegje by de foarsjenningerjochter fan de rjochtbank Noord-Nederland, Afdeling Bestuursrecht, Postbus 150, 9700 AD yn Grins. Oan in fersyk om in foarriedige foarsjenning binne wol kosten (griffyrjocht) ferbûn.

## Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

### **J** Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen

### **P** Art. 5.1 lid 5

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de onevenredige benadeling welke, in uitzonderlijke gevallen, wordt toegebracht aan een ander belang dan genoemd in art. 5.1 de leden 1 en 2, bij andere informatie dan milieu-informatie.